



De algemiene gearsit

It wie wol to tinken, dat mei it moaije waer de tarin net great wêze soe. My tinkt, de bihearder fan 'e Phenix, de hear Bos, moat in plúmke ha.

De tsjerkeseal stie ré. Mar it wie to sjen, foar it tal minsken dat like to kommen, wie in lytsere seal great genôch west. Bos sloech dat foar en hie it yn in omsjoch mei syn helpsters klear. Wy koene de saneamde recepsjeseal nou sahwat fol meitsje en dat sit hwat aerdiger.

Yn it iepeningswurd siet nochal byldspraak. Dat jowt hwat libbenheit. Allinne, wylst it sein wurdt ha je der faeks oan it sa gau hielendal to fetsjen.

Sa gie it my alteast efkes mei Albana en Parpar en de Jordaantjes. Doe't ik it sneon lies, ja it wie goed sketten. It forskil yn útkomsten fan it iene bidriuw as it oare sit him faek yn, sa't liket, lytse dingen.

Yn it skeel dat de tunkers ha, stelde de foarsitter hirn fiks partij. En ek noch wer net, hwant as ik it goed oanfiel, binne winliks alle túnkers it wol iens, dat it op ien feiling ta moat. It skeel splitst him ta yn it plak hwer.

Ik harke hwat op doe't Bouwman ut 'e mûle fan Tolman sa hwat slap oer it Fryske hynder praette.

Tolman hâldt sels fan in goed hynder. Mar ja, efternei blik, dat Bouwman op dat stuit út syn rolle foel.

Doe ik it hearde kaem my yn 't sin, hoe wy it to Ljouwert yn ûs tsjerke in kear hienen. De hear J. van der Molen, in sprekker (letter ek keamerlid) fan it boppeste buordtsje, lies in preek. Mar goed en wol ut ein, forgeat hij lêze to moatten en bigong út eigen impuls to sprekken.

Ut de meidielings fan 'e siktaris-penningmaster kaem nei foaren dat it mei de finansiën noch ridlik giet. It tal leden koartet uteraerd yn, mar yn de hektaren wint it wer oer.

As ik nou tink oan 'e tiid, doe't master de Vries noch mei ús yn en ut gie, is it wol hwat foroare.

It nijsgjirrige forhael fan mr. Visser hie mear harkers wurdich west. Ik moast nei in oar plak, mar der siet, tocht ik, in libben petear yn.

Politieke vogels

Broedmachine voor politieke vogels. Ook weer een aardige beeldspraak. Maar de zaak zelf is niet onbedenklijk. De voorzitter noemde enkele politici uit de kring van de C.B.T.B. Maar ook anders dan aan de directe praktische politiek hebben we af en toe bekwame medewerkers moeten afstaan. En wat nu de politici betreft ik voel als dogma aankomen dat een volksvertegenwoordiger geen leidende functie in een maatschappelijke organisatie mag hebben.

Toegegeven dat hier bezwaren kunnen zijn, acht ik de voordelen aan deze cumulatie verbonden, groter dan de nadelen.

Evangelische politiek

Dezelfde zaak mag men in onze tijd graag een andere naam geven. Inplaats van christelijke politiek is het nu evangelische politiek. Het heeft dicht ik dezelfde betekenis. En zo dit niet zo is, acht ik het een bedenkelijke verandering.

Nu hebben een aantal kiezers aan kabinetsformateur Biesheuvel bericht gedaan spijt te hebben hun stem op zijn lijst te hebben uitgebracht. Zij hebben met het uitbrengen van hun stem uiting willen geven aan hun gevoelens dat, ze 'n evangelische, dat is dus christelijke politiek, voorstaan.

Nu zit daar iets in dat mij wel aanspreekt. Deze spijststemmers hebben geen doorbraaksympathieën. Zij willen kleur bekennen.

Maar nu de kabinetsformateur met de V.V.D. wil, beter wou, samenwerken Zijn ze teleurgesteld. Daarmede is christelijke politiek niet mogelijk. Het zij zo. Maar het wonderlijke is, wanneer het de P.v.d.A. was geweest, dan zouden ze geen bezwaar hebben gehad.

Wanneer de Hollandse heren hadden gesteld: geen samenwerking en afspraken met wie ook, maar wij presenteren ons als samenwerkende christelijke partijen en de voorstellen die wij doen heeft, de volksvertegenwoordiging maar te toetsen aan het 'volks- en landsbelang', zonder redenen daar buiten om, dan zou ik met de heren zeggen: akkoord.

Maar waarom nu in het algemeen gesteld, dat met de ene humanistische partij wel samenwerking mogelijk is en met de andere niet, dát ontgaat mij.

POARTEBOER

Jan F. de Vries †

In oar sil oer de bitsjutting van master de Vries, by syn liblben haed fan 'e kristlike lânbouskoalle to Mitselwier, foar de C.B.T.B. en it lânbou-ûnderwis skriuwe.

Ik mei folstean rnei in inkel persoanlik oantinken. Jan de Vries en syn freon Sytze Boonstra, masters oan ien fan 'e skoallen foar C.N.S. to Ljouwert, makken har ré foar de lânbou-akte en kamen om dat to stypjen faek op Great Humalda.

Yn '34 kriget de Fryske C.B.T.B. syn ynlage yn "OnsPlatteland." It bistjûr freget de Vries, nou haed fan 'e kr. lânbouskoalle yn Mitselwier, dêrfan de redaksje to forsoargen.

En nou sil it kontakt ut de Ljouwerter tiid net frjemd wêze oan it feit, dat de Vries ûnderskreaune frege eltse wike hwat to skriuwen. It andert hat west: "Ik sil it bisykje." En nou biktûpt it my, oan dizze biskieden man dy't yn 'e tiid, doe't wy noch "yn tinten wennen" syn tige stipe oan 'e C.B.T.B. jown hat, yn syn sa muolike lêste libbensjoun, mar in bytsje mear tocht to hawwen.

Y.K.T.